[0112] DE OFLIEDING FAN IT 17DE-IEUSKE *SNIRTTE*

Yn Gysbert Japiks syn wurken komt ienris it tiidwurd foar, dêr 't it yn dit artikeltsje oer gean sil. De Boalserter dichter brûkt it yn syn biriming fan in part fan 'e 119de psalm, dêr't wy lêze

Mijn lipp', mijn lipp' sil, mey' goll' gjealps uwt-jiet
Jon great lof-tanck, ijn tancks oer-floede' uwt-stirtte,
Az Y mij Jon yn-set leere' (ô so swiet!)
Mijn tong' sil eernje', ijn sill'ge kâts tijd-kirtte.
Fen Jon petear, Want Jon geboden rjuecht
Rjuecht-firdigh goe ljue treastje' in quea folck *snirtte.*

Neffens E. Epkema, *Wb. op de gedichten en verdere geschriften van Gysbert Japicx* (1824), s. 433, soe it lêste wurd út ‘e oanhael hjirboppe 'snute', oerdrachtlik `treffe, straffe' bitsjutte. Lyk as oan syn opmerking: “De R in *Snirtten* is bij mij verdacht" bliken docht, moat de skriuwer field ha, dat der eat net mei syn forklearring striek. Dêrfoaroer stiet de oerienkomste tusken *snirtte*

en *snute* foar W.L. Brandsma, *Het werkwoord bij Gysbert Japicx* (1936), s. 181, net yn 'e kiif. De wenstige útliz wol my lykwols net oan, dat sadwaende haw ik om in betteren-ien socht. Om't *i* foar *r*-forbiningen gauris út *e* fuortkommen is, soe men yn it Hollânsk *snerten* forwachtsje meije, tocht my. Doe't ik it Greatnederlânsk Wurdboek dêr op neisloech, seach ik ta myn binijing, dat dit tiidwurd wierliken bistiet. De gearstallers fan it WNT., dl. 14, spj. 2320 fornije ús, dat it yn 'e tongslaggen njonken *snerpen* en *snerken* foun wurdt en yn wêzen lûdneibauwend is. Dit *snerten* waerd yn 'e Saenstreek sawol as yn West-Flaenderen optekene. Foar it lêste gebiet jowt ús L.-L. de Bo yn syn *Westvlaamsch Idioticon* (1873), s. 1053, dizze omskriuwingen: 1) Wordt gezeid van eenen scherpen klank die in de ooren snijdt en een onaangenaam gevoel veroorzaakt, bijv. “Die viool *snert* in mijne ooren. Het kind gaf eenen *snertenden* schreeuw. De ijzeren deur geeft een *snertend* gekrijsch als zij opengedaan wordt. Een *snertend* gefluit. De *snertende* vijl". 2) Hetzelfde als *smerten*: “De oksels *snerten* van het zweet. 3) Ook voor *snerken* = `schrijnen' (dêr't de ûndersteande oanhael by ôfprinte wurdt):

„Een vuerberg brand niet meer, dan dese smert
My *snert* en brand in myn onduldig hert."
(Vaelande).

De tredde bitsjutting, dy't De Bo neamt, past treflik yn it forbân fan G. Japiks syn tekst, dêr't wy *snirtte* mei 'sear dwaen, smerte, striemje, giselje" werjaen kinne. Sa forsteane wy leau'k ek better de tsjinstelling, dy't de dichter bidoeld hat, doe't er yn psalm 119, r. 15 sei, dat de geboaden fan God de fromme lju treastgje en de goddeleazen striemje (kastije).

Hwat de wurdôflieding oanbilanget, sille wy oansluting sykje moatte by âldnoarsk *snerta* `mei ien swolch leechdrinke', nijnoarsk *snerta* `oan 'e gong bringe; útnaeije, útstrike; striemje, giselje'; sweedsk *snärta* `fleane, stouwe', deensk *snerte* `swypkje, pytskje, striemje, gefoelich treffe', middelheechdútsk *snerzen* `immen stikelje'. Dat binammen yn it Noardgermaensk goed oerlevere tiidwurd giet tobek op *\*snartian,* in ôflieding fan 'e lûdneibauwende wurdstamme *\*(s)ner-* `gnoarje, grommelje' ensahwathinne [1]), dy't mei *-d* ta ydg. **sner-d-* útwreide waerd. As bitsjutting fan 'e lêstneamde fariant nimt Johannesson [2]) oarspronklik 'in krassend lûd jaen', dan ek: 'in swypjende slach jaen' oan.

Nou't wy de grounbitsjuttingen fan it tiidwurd witte, sil it klearrichheit ha, dat in twadde sawntjinde-ieuske foarm *snirt*, optekene yn “Ansck in Houck" [1639], r. 149, hjirby heart:

Heye sloeg op de Bonge
Dounsse nu Kæle-stirt
ws lijts ræ-holle Jonge
Dy liet in grætin Firt:
in schieter dattit *snirt*.

1) J. Pokorny, Indogermanisches Wörterbuch, 11. Lieferung, 1957, s. 975.
2) A. Johannesson, Isländisches etymologisches Wörterbuch, 1956, s. 917.

Do sprong de Kat dir hinne
in Tuyn di ron so hirt,
Ick koe hem næt berinne.

De útjowers en biwurkers fan dit brulloftsdicht hawwe dit *snirt* mei rjocht en reden oerset mei `snuorre' [1]). Yn dit forbân soe ik ek op 'e seldsume haednamme *snirt* wize wolle. Wy treffe dy yn in net sa botte kreas folksrym oan, dat Wibrandt Michiels yn syn bondel *Mengelmoes* [1616] opnaem. Ik helje dat fynplak oan út 'e samling *Frysk út de I7de ieu* fan Jfr. A. Feitsma (Estrik XV, s. 17):

Jen mans moer
Js ien stront oppe floer
Jen snaer is ien *snirt*
Neij her daed ist een firt.

It subst. *snirt* kinne sweedsk (dial.) *snärt* en leechdútsk *snart* mei forlike wurde, dy't allyksa crepitus ventris (‘fyst, furt, wyn') bitsjutte.

Nou bliuwt der allinne noch de frage oer, oft de wurdkloft fan *snirtte* (G. J.) en *snerten* hjoeddedei noch oan 'e Noardsé-iggen libbet. Foar safier 't ik neigean kin, is soks yn it Saensk, it Westerlauwerske Frysk en it Eastfrysk it gefal. Om mei it lêste to bigjinnen: Ten Doornkaat Koolman[2]) jowt foar East-Fryslân *snirtjen* `soarje, snoarje, snuorje, prottelje (fan iten op 't fjûr)' op. De bitsjutting fan it Saenske *snerten, snirten* 'gearsoarje, meuke'[3]) komt hjir folslein mei oerien. Oars leit it lân der hinne by it Westerlauwerske *snjitte, snitte* [4]), dat yn 'e earste opslach net bisibbe liket. Ommers, dit wurdt brûkt foar; 1) fochte fuortsaeije; 2)spuitsje; 3) spatte; 4) tusken de tosken troch flybkje; 5) fleagerich reine; 6) fuortstouwe. Mar as men dan yn it Eastfryske wurdboek ek de neikommende omskriuwingen fan *snirtjen* lêst: mit Geräusch Flüssigkeiten austreiben, zischend spritzen oder speien, schnell und zischend herausfliegen, dünn scheissen' en men fierders de bitsjuttingen fan nijnoarsk *snerta* `oan 'e gong bringe, útnaeije, útstrike, striemje' yn bitinken nimt, dan wurdt it jin dúdlik, dat wy Westerlauwersk *sn(j)itte* ek ta de ydg. stamme **(s)ner-* rekkenje moatte. To uzes is allinne de *r,* lyk as sa faken yn sokke forbiningen, stom wurden. Om't wy yn soksoarte gefallen noch altiten oan 'e etymologyske stavering fêsthâlde, hiene de wurdboeken einliken winliken net *snjitte, snitte* skriuwe mocht, mar *snjirte, snirte.* De ûntjowing fan it Súdhoekster *snitte* sil sadwaende sjesa yn 'e wurden gien wêze : *snerta - snirtte* (Gysb. Jap.) - *snitte.* De lûding fan it algemien Fryske *snjitte* moat mûlk op dizze wize forklearre wurde: *snerta* > *snērta* > *snierte* > *snjirte* > *snjitte.* Fan dy fiif foarmen binne neffens my nû. 1, 4 en 5 wis, de twadde en tredde kin men oer redendiele. Itselde jildt foar it komôf fan 'e haednamme *snjit* `skoat, goat, fluts' (< *snjirt)* en it foarste diel fan 'e gearstallingen *snjittepoepert* en *snjittepop.*

Dêrmei is it wichtichste oer de mei de grounfoarm **(s)ner-* gearhingjende wurden wol sein. Nei't ik hoopje, docht it boppesteande útwizing, dat it midfryske *snirtte* (Gysb. Jap.) net ien en mien wêze kin mei nijfrysk *snute*, lyk as Epkema en Brandsma ha woene. *W. J. Buma.*

1) J.H. Brouwer en W.G. Hellinga, Ansck in Houck, 1935, s. 35.
2) J. ten Doornkaat Koolman, Wörterbuch der ostfriesischen Sprache III, 1884, s. 246.
3) G.J. Boekenoogen, De Zaansche volkstaal, 1897, spj. 960.
4) W. Dykstra, Friesch Woordenboek III, 1911, s. 160.